

<i>Talen fan oeral</i>						
Doelgroep leeftiid	Duer	Materiaal en helpmiddels	Klasse ferdieling	Oanpak fan 'e les	Lokaasje fan aktiviteit	Ynterdissiplinêre konneksjes
Basisûnderwiis (7-9)	2 oeren en 30 minuten	Boek <i>The Walkabout Orchestra</i> , door Chloé Perarnau	yndividueel - lytse groepkes	Tegearre in boek lêze en ûntdekke Learling partisipaasje Ûndersykjend leare Diele, diskusjearje en reflektearje	Op skoalle	Geografy - boargerskip - Taallessen
Gearfetting fan aktiviteit (max. 50 wurden)	Dizze aktiviteit bestiet út in earste yn oanrekking komme mei taallânskippen (LL) troch it boek <i>The Walkabout Orchestra: Postcards from Around the World</i> . Learlingen sille de wrâld fan ferskate personaazjes ynstappe, dy't ferspraat oer de wrâld ansichtkaarten ferstjoere nei de lieder om har aventoeren te dielen. Elk yn syn eigen stêd. Basearre op de ûntdekking fan it boek wurde de learlingen har mear bewust fan it talige en kulturele ferskaat en hawwe sy in earste kontakt mei taallânskippen. Op grûn fan de yllustraasjes yn it boek sille de learlingen yn groepkes de karakteristiken fan elke stêd ûntdekke en oan har klassegenoaten itjinge					

	presintearje dat sy ûntdutsen hawwe.
Leardoelen	Kritysk taalbewustwêzen ferheegje - LL ûndersykje - kreatyf dwaande wêze mei LL - in wiidweidich begryp fan LL - bewustwêzen ferheegje fan taalferskaat - teoretysk begryp fan LL - eigen ûnderfiningen pleatse yn 'e kontekst fan LL
Stap foar stap ynstruksje	<p>Stap 1 De les begjint mei it ûntdekken fan de paratekstuele eleminten fan it boek. De dosint sil it petear liede sadat de learlingen aktyf meidogge en har foarkennis aktivearje kinne. Dêrnei sil oergean wurde op it lêzen fan it boek. Dêrby projektarrest ek op it digiboerd, omdat de yllustraasjes fan belang binne foar de learlingen om kritysk nei te tinken en eleminten fan LL te begripen. Under it lêzen fan it ferhaal dogge de learlingen mei troch it meitsjen fan opmerkingen en observaasjes. Dat sil de lesaktiviteit ferrikje.</p> <p>Stap 2 Kreëarje in momint wêryn'tst mei de learlingen it petear oangiest oer wat der krekt lêzen is. Ek spylje de learlingen in wichtige rol. It is wichtich om de klam te lizzen op aspekten lykas de ferskillen tusken stêden, kleuren dy't sy sjogge, hokker talen sy prate, it type minsken dat werjûn wurdt, ensfh.. Dêrneist is it wichtich om it petear persoanliker te meitsjen, sadat de learlingen fertelle kinne oer har eigen ûnderfiningen, oer wat sy faaks witte fan dizze stêden of de minsken dy't dêr wenje, hokker stêd sy noch besykje wolle en wêrom, ensfh..</p> <p>Stap 3 Nei en yn dit petear kin de dosint werom gean yn it boek om nochris nei in stêd te sjen, dit kear mear yn detail. De dosint kin de learlingen freegje om mear omtinken te jaan oan spesifike aspekten, dy't te krijen hawwe mei it taallânskip (dy't earder net bepraat wiene). Tink oan kleuren, lûden, talen, gebouwen, buorden, minsken, ensfh. Learlingen soene yn steat wêze moatte om gelikens en ferskillen te identifisearjen tusken de ferskillende stêden. Dit is it momint om it begryp 'taallânskip' te yntrodusearjen en de learlingen neitinke te litten</p>

	<p>oer de twa wurden dy't it wurd foarmje sadat se begripe wêr't it om giet. De dosint kin eat dat in learling earder neamd hat brûke as begjinpunt om it learen te stypjen.</p> <p>Stap 4 Hjernei moatte de learlingen yn twatallen in opdracht meitsje nei oanlieding fan in ansichtkaart, dy't sy ûntfongen hawwe, keppele oan in stêd. Oan de hân fan wat der skreaun is op de ansichtkaart en de yllustraasjes út it boek, mar ek op grûn fan har fantasy en foarkennis, moatte de learlingen in wurkblêd ynfolje mei ynformaasje oer dizze stêd. Dêrnei moatte de learlingen har wurk presintearje, wêryn't sy de krekt opdiene skaaimerken fan 'e stêd taljochtsje. It dielen fan kennis en it útwikseljen fan ideeën moat stipe wurde sadat elkenien altyd aktyf is by it lesjaan en yn it learproses.</p> <p>Stap 5 Om der wis fan te wêzen dat de learlingen yn steat binne om har kennis te ferwurkjen en it learen sichtber te meitsjen, kinst in Mentimeter ynsette. Learlingen moatte twa wurden opskriuwe dy't sy keppelje oan it begryp taallânskip. De wurden sille fuortendaliks sichtber wurde op it digiboerd en sille grutter wurde as se troch mear learlingen opskreaun binne. Mei dizze Mentimeter wurdt in 'gearfetting' makke fan alles dat in taallânskip omfettet út it perspektyf fan de learlingen wei. De dosint kin dit wer keppelje oan it boek, sadat de learlingen de eleminten fan taallânskippen better herkenne kinne no't sy witte wat it omfettet.</p>		
<p>Mooglike oanpassings</p>	<p>Dizze aktiviteit kin oanpast wurde oan oare nivo's. Dat kin troch it boek bygelyks oars yn te setten, de diskusje mear te lieden of it wurdgebrûk oan te passen. Ek kin de aktiviteit útfierd wurde yn ferskillende lannen, omdat de aktiviteiten it bewustwêzen fan taalferskaat en kultureel ferskaat stypje.</p>		
<p>Ferwachte kompetinsjes /</p>	<p>Taal: lêze - prate - harkje -</p>	<p>Fakkennis:</p>	<p>21st-ieuske feardigens en kritysk tinken: kreativiteit - ynteraksje - beskriuwing - refleksje - gearwurkje -</p>

feardigens	oare talen herkenne	Net fan tapassing	boargerskip - oerdraachbere feardichheden
Fereaske kompetinsjes / feardigens	Taal: skriuwe - lêze - prate - harkje - oare talen herkenne	Fakkennis: Net fan tapassing	21st-ieuske feardigens: ynteraksje - beskriuwing - refleksje - gearwurkje - boargerskip - oerdraachbere feardichheden

Feedback

Foarbylden fan ymplemtaasje			
Reaksje / feedback dosint	<p>“Yn de les wie ik tige entûsjast en besocht ik de klasse te lieden nei oanlieding fan de reaksjes en opmerkingen fan de learlingen om it learproses foar har fan betsjutting te meitsjen. Ik wie tige bliid mei alle opmerkingen, ûntdekkingen en it makke wurk. Dat haw ik brûkt om de klasse dynamysker te meitsjen en ferskillende aspekten oan elkoar te keppeljen.”</p>		

**Reaksje/
feedback
studint**

“Wat in moaie foarkant!”; “Ik tink dat it in skattich ferhaal wêze sil.”; “Tokyo is sa’n moderne stêd!”; “De boaten yn Venetië sjogge derút as dy yn Aveiro!”; “En der is dêr in grut hotel.”; “Ik woe dat ik nei Ruslân gear koe. Ik bin noch nea earne west dêr’t it sa kâld is.”; “Wy hawwe safolle stêden ûntdutsen. Guon koe ik net iens. Mar ek dat de wrâld hiel grut is en dat it ûnmooglik is om oeral hinne te gear.”; “Sjoch dêr mefrou...! De Japanske letters binne oars. Se stean dêr op die buorden yn ’e gebouwen.”; “Dat binne gjin letters, dat binne karakters.”; “Yn Grikelân prate wy Gryksk tink ik.”; “Istanboel sjocht derút as in plak fol betizing! Sjoch nei al dy winkels.”; “En guon minske drage ferskillende klean.”